

Aktiviteiten wêr't jimme út kieze kinne fan 16:00 oant 17:15 oere.



1. Rûnrit Ljouwert

Ljouwert hat der fanôf midden 2017 in attraksje by. Der rydt in elektrysk treintsje troch de binnenstêd dat toeristen by de moaiste plakken en gebouwen lâns bringt. It begjin en einpunt is op by it Provinsjehûs en in ritsje duorret in lyts oere.



De trein is eigendom fan ûndernimmer Jelle de Visser út Goutum. Hy kaam op it idee by in fakânsje yn Frankryk wêr't hy sa'n treintsje seach. Inisjatyfnimmer Jelle de Visser biedt passazjiers de mooglikheid de Fryske haadstêd fan út in duorsum ferfiermiddel te besjen. Kultuer en duorsumheid geane hân yn hân by dit toeristyske konsept.



De Visser hat de trein, dy't de kleuren fan Cambuur draacht, yn Sjina bouwe litten. As de trije wagons fol sitte, kinne der sechstich minsken mei. Fia in gelûdssysteem kinne de minsken yn fiif talen harkje nei útlis by de plakken wêr hja lâns komme.

De dielnimmers fan de Friezedei dy't mei dit treintsje Ljouwert besjen wolle, kinne harren dêr foar opjaan.

2. Rûnlieding Blokhûspoarte.

'Untmasker de geheimen fan de Blokhûspoarte'.

In rûnlieding mei âld-bewarders troch de Blokhûspoarte.

Iuwenlang stiet hy al yn it sintrum fan Ljouwert, de Blokhûspoarte. Gâns misdiedigers haw-



we hjir finzen sitten. Mannichien fûn ek it ein oan de galge op it Blokhûsplein. Ferneamde nammen as Dokter O., Aage M. en fansels de Hogerhuizen hawwe hjir histoarje skreaun.



Elkenien kin noch wol de film oer de ferneamde oerfal yn desimber 1944 tidens de Dútske besetting.

In spannend gebou mei masterlike ferhalen ferteld troch âld-bewarders. Let jimme rûn liede en ferwûnderje jo oer de sellen en fansels de isolearsellen yn de kelders fan dit “kastiel”.



Wolle jo dizze rûnlieding net misse, jou jo hjir dan foar op.

3. Frysk Boun fan ‘2005 oant Hjoed’.

Yn de Kommisjeseal fan it provinsjehûs wurdt een trochgeande video sjen litten mei foto’s fan allerhande aktiviteiten, gearkomsten en oare feestlikheden fan it Frysk Boun om Utens fan 2005 oant no ta.